



Nr 79 - 2021-03

IT ARK

Verenigingsblad van de Friese Vereniging voor landbouwhistorie



Us samlers - harren samlings:

- **einekuorren keapje en sette**
- **Aldert van der Poort**
- **op besite by:**

Joris, Sible en Folkert & Bettie

'De Strampel' - in einekoer keapje en mear

Streekeigen

Eltsenien hat wolris einekuorren stean sjoen. Dat se net oeral yn Fryslân fan itselde materiaal gearstald binne wie de redaksje net bekind. It leit fansels wol foar de hân, minsken brûke it materiaal wat yn harren omjouwing foarhannen is.

De klaaikoer

Sa ha je de klaaikoer (bou en greide) makke fan reid mei lofters fan flaaks. **Te keap by:**

- Gjal't de Groot en Els de Groot-Gerlofs
Miedwei 11, 9151 AH Holwert
Gjalt: (0519) 56 17 84; Els: 06-12 67 30 26
- Of by: Bouwe de Groot
De Aak 2, 9001 HC Grou, 06-51 61 08 07

De wetterlânkoer

De wetterlânkoer is gehiel fan reid makke. En is **te keap by:** • Jan van der Zwaag
Binnendyk 26, 9256 HM Rypstsjerk
(0511) 43 17 76 of 06-12 82 22 02.

De tou- en de wylgetiennekoer

Fierder is de toukoer makke fan reid mei lofters fan tou, of hielendal makke fan tou. Dan is d'r noch de wylgetiennekoer, fansels makke fan wylgetiennen. Mei lofters fan wat mar foar hannen is.

De Fryske Feriening fan Einekoerflechters 'De Strampel' jout op har webside fan dizze beide typen gjin ferkeapadressen.

www.de-strampel.nl

Wie meer wil weten over eendekorven en hoe die te plaatsen en buiten het seizoen te bewaren kan op de website van de vereniging terecht.

De website is goed vormgegeven en biedt met de vele foto's een goed beeld van de activiteiten van de vereniging. De beginpagina is ook in het Nederlands te lezen.

De wilde eend loopt in aantal terug en kan wel wat steun gebruiken door korven te plaatsen. Zestig à zeventig jaar geleden een veel algemener beeld in dorp en landschap.



Mem ropt de pykjes nei it wetter. Dêr is iten.

De strampel

Jo ha in einekoer koft. Hoe no fierder? Dat begjint by de 'strampel', de trijepoat dy't yn sleat of sleatswâl set wurde moat en wêr't de koer op komt te lizzen en oan fêst makke wurde moat (sjoch de foto foarop dit nûmer). Dus ien stôk skean lofts en ien stôk skean rjochts. Yn de krusing fan beide de tredde stôk skean nei efteren. Goed yn grûn of boaiem stakke en de trijepoat mei tou of in pear lange spikers ta in lenheid meltsje. De koer mei tou stevich op de strampel bine.

De koer moat wat skean hingje

Ungefear fjirtich graden, justjes minder as de helte fan in heakse hoeke. It eintsje kin dan

út de flecht op 'e ûnderste râne delkomme. De koer moat oan de ûnderkant stipe wurde. Troch de efterste poat fan de strampel of, as de koer yn in gaffel fan in beam leit, op in oare wize. Oars sakket de koer troch ûnder de swierte fan aaien en it briedende eintsje.

Gjin frjemde gasten

De koer yn it wetter, dat is it feilichst. Katten, wazelings, (stien)murden kinne dan net by de aaien. Krieën wol, mar twa prikken troch de boppekant fan de yngong fan 'e koer helpt: in krie giet efterstefoaren der wer út en heakket fêst en leart it gau ôf, of wurdt de nekke omdraaid. En syn maten witte it fuort. Gjin plak yn wetter? Mear as twa meter heech ophingje. In stikje blik of keunststof amer om de stam tsjin de frjemde gasten.

It seizoen

Tusken 15 febrewaris en 1 april moat de koer nei bûten en op syn lêst 1 july wer droech ûnder dak. Oppasse dat der gjin rook fan bygelyks katten oan komme kin! Rûchte, plûm en gelde aaien derút helje.

Wat koart knipt reid yn 'e koer, dêr bestoppet de ein syn aaien mei, oars sloopt se jo koer. In útbrette koer skjinmeitsje: in twadde lêch!

27 dagen

Duorret it brieden fan de ein. Binne de aaien útkommen dan siket it team daliks it wetter op: yn de koer is gjin fretten.

Twa einen yn ien koer? Dan de helte fan de aaien út de koer helje. Ien ein kin gjin tweintich aaien waarm hâlde. De sterkste ein sil briede.



Nea fan it nêst jele

De koer sa delsette dat de ein jo oankommen sjocht. Wolle jo yn 'e koer sjen, meitsje dan wat leven. Middels om in oere as flif is de bêste tiid om yn in koer te sjen.

Eartiids ûnderdiel fan it libben

Einen briede litte foar 1 april hat net folle doel. Yn maale ha de pykjes grutter kâns te oerlibjen. Eartiids waarden dy earste aaien fuorthelle en opiten. Kuorren flechtsje wie om de liddige (wurkleaze) wintertiid troch te kommen. En it útsetten fan kuorren wie oan 'e ein fan de winter om foar in part yn it iten (aaiwyt ensfh.) te foarsjen, foaral earne lju.

In einekoer flechtsje is mear as it meitsjen fan in nêst foar de ein om aaien yn te lizzen. It is in iuwenâlde foarm om te foarsjen yn it ferlet fan iten. Dêrmei is it einekoerflechtsjen troch de iuwen hinne in foarm fan folkskeunst wurden.

Dat ferklearret ek de streekeigen flechtmetoaden en it streekeigen gebrûk fan materiaal. De Fryske Feriening fan Einekoerflechtters 'De Strampel' is yn 2012 oprjochte en hat, neist gesellichheid, as doel it bewarjen fan dit erfgoed.



It oanbieden fan trije einekuorren oan Donia State te Stiens op 23-02-2017. F.I.N.R. Jan Faikema, Roelof (wurke by Donia State), Jeroen Wijnand en Lolke van der Meer.

Tekst en foto's binne foar in grut part ek op de webside fan 'De Strampel' en yn 'e folder te sjen. De folder kinne jo delhelje fan de webside (www.de-strampel.frj).